

TSJIPPY SYN FLIESIRKUS



VERENA KOPPEL

(MAR DAN OARS)

TSJIPPY SYN FLIESIRKUS
(MAR DAN OARS)





Kolofon

ISBN: 978 94 6365 891 1

1e printinge 2026

© 2026, Verena Koppel

Oersetting: Ytsje Steen-Buwalda

Uitgeverij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

www.elikser.nl

Printwurk: CSL digitaal B.V.



Foarmjouwing omslach en binnenwurk: Evelien Veenstra


De útjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de Wendelaar Bonga Stichting en de provinsje Fryslân.

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

TSJIPPY SYN FLIESIRKUS

(MAR DAN OARS)





Tsjippy rommele wat tusken de doazen en bakken yn it hok.
Heit wie dêr oan it opromjen.
En dat wie in moai putsje no't mem in wike fuort wie.
"Wat sil heit dêrmei dwaan?" frege Tsjippy.
"Dêr kin ik toch noch wol mei boartsje?"
Heit sette wer in folle doaze op 'e oanhingwein.
"As der wat foar dy tusken sit, set ik it oan 'e kant. Okee?"
Tsjippy seach ynienen in fergrutglês út in doaze nei bûten stekken, pakte dat derút
en die it yn syn broeksbûse.
Dêr koe er fêst wol wat mei.
Heit hie no in bak mei âlde skroeven en spikers te pakken en sette dy apart.
Tsjippy pakte daliks in hammer en begûn de spikers yn in planke te slaan.
Heit skodholle en rôle mei de eagen.
"Hee Tsjip, hjir hast in skepnet en in amer.
Kinst moai even kikkertsfiskjes fange yn 'e sleat."



